

ChristenUnie
Fryslân

fnp

CDA Fryslân

Yn te foljen troch de griffier

VVD
Fryslân

SP

PARTIJ VOOR DE VRIJHEID

| | |
|--------------|--|
| moasje nû. | |
| paraaf | |
| wurklistpunt | |

GRIENLINKS

D66

Partij voor
de Dieren
Statenfractie Friesland

50
PLUS

Fryske Frijeheidspartij

PvdA

MOASJE, op grûn fan Kêst 29 Reglemint fan oarder

| | |
|------------------|--|
| Steategearkomste | 23 septimber 2015 |
| Wurklistpunt | 04. Ynkommen stikken Underwerp: brieven Omrop Fryslân |

De Steaten, yn gearkomste by inoar op woansdei 23 fan Hjerstmoanne 2015,

Oerwaagjende dat

- De Nederlânske Steat him op Europeesk nivo (1) ferplichte hat te soargjen foar in selsstannige Frysktalige radio- en TV stjoerder, mei as doel it behâlden en befoarderjen fan de Fryske taal troch de media;

-De Wet Gebrûk Fryske Taal 2013 eksplisyt sprekt fan in soarchplicht fan de oerheid foar it Frysk as twadde Rykstaal yn Nederlân;

- Ryk en Provinsje Fryslân yn bestjoersôfspraken en útfieringskonvenanten fêstlein hawwe ta te wollen op in folsleine en alsidige programmearring yn de Twadde Rykstaal en der in earmerke finansiering foar de Omrop bestiet (2);

- De Omrop ien fan de meast wêzentlike pylders is fan it belied fan Ryk en Provinsje foar behâld en ûntwikkeling fan de Fryske taal en kultuer;

-De *Tijdeljke Commissie Borging Friese Taal in de Media* (Kommisje-Hoekstra II) in advys útbrocht hat mei trije sintrale eleminten, te witten: a. boarging fan in bysûnder belied foar it Frysktalige media-oanbod b. in regiodekkende stjoerder mei Frysktalige programmearring en c. in struktureel differinsjearre finansiering en in ôfsûnderlike oanpak by de bepaling fan it nedige budzjet om de brede Frysktalige programmearring mooglik te meitsjen;

-De Steatssekretaris op oantrún fan de Twadde Keamer dit advys oernommen hat;

- De Steatssekretaris yn syn Beliedsreaksje op it plan-ROOS d.d. 7 septimber 2015 oankundige hat it advys fan de Kommisje-Hoekstra II foar in grut part oer te nimmen, en dêrta it Frysktalige media-oanbod en in eigen oanbodkanaal foar de provinsje Fryslân wetlik boargje te wollen;

-De Steatssekretaris tagelyk oanjout dat hy de besuning fan € 17 mln op de regionale omroppen trochsette wol en gjin finansjele útsûndering foar Omrop Fryslân meitsje wol ek al giet soks mooglik wol ten koste fan de folsleine en alsidige Frysktalige programmearring ;

-De Steatssekretaris ek oanjout ta in bestjoerlike opskaling en ferienfâldiging yn in nije Stichting RPO komme te wollen, wêryn gjin plak mear is foar in bestjoerlik selsstannige regionale Omrop;

Fierder oerwaagjende dat

- In soad maatskiplik belutsen organisaasjes en yndividuele boargers yn Fryslân witte litten hawwe dat Omrop Fryslân tige wichtich foar harren is;
- Hja dit ek witte litten hawwe oan PS;

Fan betinken dat

-Dêrmei de kabinetsplannen noch hieltyd ûnderstek dogge oan it fuortbestean fan in selsstannige Frysktalige radio- en TV stjoerder mei in folsleine en alsidige programmearring en in apart regele strukturele passende finansiering;

Sprekke út

1. Dat Omrop Fryslân by it útwurkjen fan in nij mediabestel in ûnôfhinklike selsstannige posysje as iennichste publike stjoerder yn de Twadde Rykstaal behâlde moat;

2. Dat it advys fan de Kommisje-Hoekstra II yn syn hiele hear en fear neikommen wurde moat, ynklusyf it finansjele part fan de oanbefellingen, oer in struktureel differinsjearre aparte finansiering foar de Frysktalige publike Omrop;

Fersykje it Kolleezje fan DS

1. Al it mooglike te dwaan om de spesjale status, yn it bysûnder ek (in wetlike boarging fan) in aparte finansiering foar de Frysktalige publike Omrop te regeljen en de Steaten op de hichte te hâlden fan de resultaten;

2. Dizze moasje en in oersetting mei klam yn omtinken te jaan by it Regear, de Earste en Twadde Keamer, de ROOS en it IPO.

en gean oer ta de oarder fan de dei

(1) Europees Handvest voor streektaalen of talen van minderheden en Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden.

(2) Brief 12 desimber 2011 fan minister Donner en Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018.

| | |
|---------------|---|
| Yntsjinner(s) | <p><i>(fraksje / namme / hantekening)</i></p> <p><i>ChristenUnie, Ynze de Boer</i></p> <p><i>FNP, Corlienke de Jong</i></p> <p><i>CDA, Fenny Reitsma – Hazelhoff</i></p> <p><i>PvdA, Hetty Janssen</i></p> <p><i>VVD, Durk Pool</i></p> <p><i>PVV, Harry Graansma</i></p> <p><i>SP, Renny van der Heide</i></p> <p><i>GrienLinks, Retze van der Honing</i></p> <p><i>D66, Marieke Vellinga</i></p> <p><i>PvdD, Rinie van der Zanden</i></p> <p><i>50-Plus, Jan Waterlander</i></p> <p><i>FFP, Jitske Eizema</i></p> |
|---------------|---|